

Boerebloes

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

moderne boer te wêzen, dat is in hiele pree
wy hâlde fan ús wurk en wy hâlde fan ús fee
in rinstâl en in melkrobot, it kin gewoan net op
en in ko is folle frijer sûnder dy hoarnen op 'e kop
al ha se oer dy earmerken ek noch sa'n soad geseur
ús greiden sûnder blommen krije dêrtroch wer mear kleur!

C F
C C7
F7
C F D7 G7 C7
G7 F7
C Cdim D7 G7

'k hie ek in gekke ko, ja dy hie BSE
wie al in skoft wat suterich, kaam net sa bot út 't stee
hy swaaide mei de kop en lei gauris oer de grûn
mar fierder wie dat bist noch hiel gewoan en sûn
ik haw him mar fersûpt, juster, yn de jarrekolk
oars krijst it hiem fol ynspekteurs, wat moat ik mei sok folk

ik brûk ek wer in bolle, dat bist dat hyt fan Tseard
yn Wageningen ha se him genetysk manipuleard
hy wol oars wakker springe en de keallen dy't ik krij
dy jowe anst gjin molke, mar fuortendaliks sûpenbrij
de ein is der fan wei wat fan dy wittenskippers komt
se meitsje anst noch kij dy skite jild unstee fan stront

myn sweager docht yn hinnen, ek in moaie flikkerij
oeral hinnen, hinnen, hinnen, yn gazen koaikes op in rij
de snavels hat er ôfbaarnd : se dogg' elkoar net sear
en in bytsje Salmonella, och dat merkt dochs nimmen mear
de aaien hawwe kwaliteit, dat is net mear gewoan
krijst der hier fan op 'e tosken, want se sitte fol hormoan

myn broer hat tûzen bargaen en hat no swier de pest
want hy hie om nije biggen op in nacht nei Brabân west
mar doe krige hy te hearen, dat soks perfoarst net mocht
en doe ha se al syn bargaen nei it stjonkfabryk ta brocht
fansels moatte se him no in fergoeding jaan,
hy fertsjinnet likefolle, mar hoecht der neat mear foar te dwaan

ik moat ek minder melke, mar dat is wier gjin strop
want myn alderbêste melkko dat is de subsydzjepot
it molkekwtum ha se ús foar niks en noppes jûn
en as ik it ferkeapje wol, dan bar ik in miljoen
mei subsydzjes en mei preemjes is it buorkjen wier gjin toer
ik spekulear as earste tak en yn't twadde plak bin 'k boer

moderne boer te wêzen, dat is in hiele pree
wy hâlde fan ús wurk, en wy hâlde fan ús fee
wy klaaie oer it waar, oer it wtter en de wyn
en as't tongert tsjinje wy in skeafergoedingsoanfraach yn
wy jeije alle guozzen en ljippen fan ús l^n
dus minsken wês dochs wiis mei ús moderne boerestân!